

- Gearkomste** : 27 juny 2018
- Wurklistnûmer** :
- Ûnderwerp** : Fêststeling provinsjaal ynpassingsplan Wynpark Nij Hiddum-Houw
Beliedsprogramma :
Registraasjenûmer : 01511182
Portefeuillehâlder : K. Kielstra
- Behanneljend amtner** : Harm Jan Bouwers, (058) 292 58 70, Enerzjytransysje en wergebrûk grûnstoffen
- Oanlieding** :
Op 29 juny 2016 hawwe jimme besletten yn te stimmen mei it opstellen fan in provinsjaal ynpassingsplan foar it Wynpark Nij Hiddum-Houw. Op 26 oktober 2016 hawwe jimme besletten yn te stimmen mei de Start-notysje Wynpark Nij Hiddum-Houw. No wurdt it ynpassingsplan foar fêststellen oan jimme oanbean.
- Europeesje kontekst** : De provinciale opgave van 530,5 MW opgesteld vermogen aan windmolens maakt deel uit van de Nederlandse bijdrage aan de 2020 klimaatdoelstellingen van Europa.
- Koarte gearfetting** : It provinsjaal ynpassingsplan (PIP) foar de realisaasje en de gebrûksfaze fan it wynpark Nij Hiddum-Houw wurdt foar fêststellen oanbean. Op grûn fan kêst 9e fan de Elektriciteitswet 1998 en kêst 3.26 Wro hawwe jimme it foech om in ynpassingsplan fêst te stellen foar in wynpark fan 5-100 MW. Foar dit wynpark is op grûn fan kêst 9f fan de Elektriciteitswet 1998 de koördinaasjeregeling fan de Wro fan tapassing. Jimme hawwe ynstimd mei it beslút fan DS dat boargemaster en wethâlders fan de gemeente Súdwest-Fryslân it foechhawwend gesach bliuwe foar it ferlienen fan de omjouwingsfergunnings.
It ynpassingsplan makket it mooglik dat 16 besteande mûnen op 'e Kop Ôfslútdyk sanearre wurde en dat der 9 nije delset wurde, wêrby't it totale tafoege opstelde fermogen yn it gebiet sa ticht mooglik by de 36 MW komt. Neffens de opdracht út de Startnotysje is by de ûntwikkeling fan it plan sa folle mooglik rekken hâlden mei de omjouwingspartisipaasje.

- Beslútpunten** :
1. Yn te stimmen mei de Nota fan Antwurd Sjenswizen en Advizen en Steat fan wizigings Wynpark Nij Hiddum-Houw;
 2. Op grûn fan kêst 6.12, twadde lid Wro gjin eksploitaasjeplan fêst te stellen;
 3. It Provinsjaal Ynpassingsplan Wynpark Nij Hiddum-Houw ynklusyf alle taheakken, dêrûnder it Miljeueffektrapport Nij HiddumHouw (mei oanfolling), fêst te stellen;
 4. DS op te dragen by de meidieling fan de besluten te fermelden dat op de besluten ôfdieling 2 fan haadstik 1 fan de Crisis- en herstelwet fan tapassing is.

- Taheakke** :
- a. Ynpassingsplan Wynpark Nij Hiddum-Houw ynklusyf alle taheakken
 - b. Miljeu-effektrapport Nij Hiddum-Houw ynklusyf alle taheakken en de oanfolling
 - c. Nota fan Antwurd Sjenswizen en Advizen en Steat fan wizigings
 - c. Beskikking op grûn fan de Wet natuurbescherming
 - d. Konsept-omjouwingsfergunnings

Taljochting

: 1. Ynlieding

Op 27 juny 2016 hawwe jimme besletten om yn te stimmen mei it opstellen fan in Provinsjaal Ynpassingsplan (PIP) foar it inisjatyf foar it wynpark Kop fan de Ôfslútdyk (wilens Nij Hiddum-Houw neamd).

Op 26 oktober 2016 hawwe jimme de Startnotysje Nij Hiddum-Houw fêststeld, wêrmei't jimme neiere ramten en rânebetingsten foar de ûntwikkeling fan it PIP oan ús meijûn hawwe. Tagelyk hawwe jimme doe besletten de tarieding en it bekendmeitsjen fan it ynpassingsplan, lykas bedoeld yn kêst 9e fan de Elektriciteitswet 1998, te koördinearjen troch de foar de ferwêzentliking fan it wynpark needsaaklike besluten ta te rieden en bekend te meitsjen. Dêrby hawwe jimme ynstimd mei it beslút fan DS dat boargemaster en wethâlders fan de gemeente Súdwest-Fryslân it foechhawwend gesach bliuwe foar it ferlienen fan de omjouwingsfergunnings.

No leit it definitive PIP mei de byhearrende stikken foar beslútfoarming foar. Sa gau mooglik nei jimme fêststelling fan it PIP sille boargemaster en wethâlders fan de gemeente Súdwest-Fryslân mei achtslaan fan it PIP de omjouwingsfergunnings foar it wynpark ferliene.

Yn ûndersteand útstel sille wy it plan en de folge proseduerre fierder út 'e doeken dwaan. Dêrby sille wy ek wiidweidich op de troch jimme winske omjouwingspartisipaasje yngean.

2. Lêswizer en taljochting begripen

Yn dit PS-stik sil earst op de oanlieding foar it plan yngien wurde. De moasjes en tasizzings dy't mei dit plan te krijen hawwe, wurde koart beneamd. Fierders wurdt it juridysk en beliedsmjittige ramt behannele. Dêrnei wurdt it proses fan it ta stân kommen fan dit plan sels beskreaun. Dêrby wurdt yngien op respektivelik it miljeueffektrapport en it ynpassingsplan sels. Dan wurdt yngien op de fergunnings dy't nedich binne. Yn haadstik 8 wurdt as lêste yngien op de wize wêrop't de ynweners út 'e omkriten fan it wynpark by de planfoarming, mar ek de eksploitaasje fan it park, behelle binne.

Omdat der yn dit PS-stik sprake is fan ferskate gearhingjende stikken en oerienkomsten, wurde hjirûnder earst de wichtichste begripen taljochte:

Anterieure Oerienkomst:

Privaatrjochtlike oerienkomst tusken provinsje en inisjatyfnimmers wêryn't lykas wenst ôfspraken oer it ferheljen fan kosten of it ferheljen fan te beteljen temjittiekommings yn planskea fêstlein binne, dat de provinsje dêr gjin finansjele risiko's by rint. Yn dizze oerienkomst binne lykwols ek boppewetlike ôfspraken oer bygelyks lûdsreduksje, slachskaad en it opromjen fan mûnen opnommen, en sille ek de oare ôfspraken fan de Omjouwingsoerienkomst as Addendum opnommen wurde.

Omjouwingsoerienkomst:

Privaatrjochtlike oerienkomst tusken inisjatyfnimmers, de Omgevingsadviesraad (OAR) en de Nederlandse Vereniging van Omwonenden van Windmolens (NLVOW) dêr't alle tusken OAR en inisjatyfnimmers makke ôfspraken oer boppewetlike maatregels op it mêd fan leefberens (lûdshinder, slachskaad, ensfh.), mar ek omjouwingsregelings en omjouwingspartisipaasje, yn opnommen binne. Omdat de OAR gjin rjochtpersoanlikheid hat, tekenet de NLVOW as belanghawwende en wurde de ôfspraken (foar in part yn in letter stadium) ek by de Anterieure Oerienkomst ûnderbrocht.

Milieu-effektrapport MER:

Wetlik ferplichte ûndersyk wêryn't yn it bysûnder de miljeueffekten fan de alternativen en it foarkarsalternatyf ûndersocht binne. Dit MER jildt foar it Provinsjaal Ynpassingsplan likegoed as foar de gemeentlike omjouwingsfergunnings as ûnderbouwing.

Provinsjaal Ynpassingsplan (PIP):

Publykrjochtlik romtlike oarderingsplan dat troch **Provinsjale Steaten** fêststeld wurdt.

Beskikking Wet natuurbescherming

Publykrjochtlike fergunning en ûntheffing fanwegen de beskerming fan Natura 2000-gebieten en beskerme bistesoarten, dy't troch **Deputearre Steaten** ferliend wurdt.

Omjouwingsfergunnings

Publykrjochtlike fergunnings foar de aktiviteiten bouwe en miljeu, dy't ferliend wurde troch **Boargemaster en wethâlders**. Omdat it giet om twa inisjatyfnimmers mei elk in eigen ynrjochting yn de sin fan de Wet milieubeheer, wurde der twa omjouwingsfergunnings ferliend.

Paswurkfoarskriften

Oanfoljende **Publykrjochtlike** foarskriften dy't mei achtslaan fan it Activiteitenbesluit milieubeheer en de Activiteitenregeling milieubeheer troch **Boargemaster en wethâlders** fêststeld wurde kinne.

3. Oanlieding

3.a. Taakstelling

Wy hawwe de provinsjale taakstelling fan 530,5 MW opsteld fermogen oan wynmûnen yn 2020 oanfurdige. Provinsjale Steaten hawwe yn desimber 2014 besletten om foar de realisaasje fan dy taakstelling oan te wizen: it Iselmar en it projekt Kop fan de Ôfslútdyk (no Nij Hiddum-Houw neamd). Yn de Startnotysje fan 26 oktober 2016 is oanjûn dat, útgeande fan dy besluten, it noch ta te foegjen opsteld fermogen fan sa. 36 MW yn dat gebiet nedich is foar it heljen fan de taakstelling.

De gemeente Súdwest-Fryslân hat oanjûn dat se sa'n wynpark planologysk net mooglik meitsje wolle. Op grûn fan kêst 9e Elektriciteitswet 1998 en kêst 3.26 Wro hat de provinsje it foech om dat troch de wei fan in provinsjaal ynpassingsplan planologysk mooglik te meitsjen. Op grûn fan kêst 9f Elektriciteitswet 1998 binne wy hâlden om de besluten dy't foar de oanlis fan it wynpark nedich binne, te koördinearjen.

3.b Moasjes en tasizzings

Oangeande dit plan binne der yn 'e lêste jierren ferskate moasjes oannommen en tasizzings dien. Yn ûndersteande tabel wurde dy moasjes en tasizzings beskreaun en wurdt oanjûn op hokker wize dêr ynfolling oan jûn is. Wy beskôgje dy moasjes en tasizzings dêrmei as ôfhannele.

Moasje of tasizzing	Wize fan ôhanneljen
1257 (29-6-2016) Oan de inisjatyfnimmers sil oanjûn wurde, dat it in winsk is fan Provinsjale Steaten om neodymium-frije wynmûnen te pleatsen; in moasje hjiroer is earder oannommen. It antwurd fan de inisjatyfnimmers sil weromkeppele wurde oan Provinsjale Steaten.	Oan dizze moasje is ynfolling jûn troch yn de Startnotysje de neikommende passaazje op te nimmen: "Wij streven naar een duurzame, maatschappelijk verantwoorde samenleving. Dat houdt in dat er bij ontwikkelingen in Fryslân wordt gekeken naar de mogelijke gevolgen daarvan elders. We denken daarbij aan de wijze van winning van benodigde grondstoffen, respect voor mens en natuur, etc. Wij stellen als randvoorwaarde dat het gehele project op een maatschappelijk verantwoorde wijze wordt ontwikkeld en geven aan Gedeputeerde Staten mee daar zo goed mogelijk op toe te zien." Yn paragraaf 6.2 jouwe wy oan hoe't wy ynfolling oan dy opdracht jûn hawwe.
1258 (29-6-2016) De nota Reikwijdte en Detail en de MER sille as ûnderdiel fan it PIP om it foarjier 2018 hinne foarlein wurde oan PS.	De Nota Reikwijdte en Detailniveau (NRD) beskriuwt de aspekten dêr't it úteinlike Miljeu-effektrapport (MER) oandacht oan besteegje moat en is in útfieringsfaze yn oanrin nei it ta stân kommen fan it MER. De konsept-NRD moat wetlik op besjen lein wurde, foardat it MER opsteld wurdt. Dat hawwe wy dien fan 16 jannewaris 2017 ôf. Wy hawwe jimme dêroer ynformearre troch ús brief nr. 01379306, ferstjoerd 17 jannewaris 2017. It MER hat dêrnei, tagelyk mei it ûntwerp-ynpassingsplan fan 10 novimber 2017 ôf op besjen lein. It MER leit mei oanfolling no as ûnderlizzend stik by it PIP foar fêststelling oan jimme foar.
1259 (29-6-2016) It kolleezje is ree de kommunikaasje nei de omjouwing ta sa optimaal mooglik te	Yn paragraaf 6.2 fan dit PS-stik geane wy yn op hoe't wy mei de minsken út 'e omkriten kommunisearre hawwe.

<i>meitsjen; draachflak is tige wichtich.</i>	
<i>1332 (26-10-2016) De deputearre sil syn uterste bêst dwaan om in maksimale skeafergoeding te realisearjen.</i>	Yn haadstik 8 fan dit PS-stik wurdt yngien op de planskearegeling en de oerienkommen regeling mei buorlju en doarpen.
<i>1333 (26-10-2016) It útgongspunt fan it beslút fan 17 desimber 2014 en hoe't de situaasje is, sille goed meinommen wurde by de útwurking fan de startnotysje.</i>	De oanbelangjende útgongspunten binne yn it PIP, de anterieure oerienkomst dy't wy mei de inisjatyfnimmers sletten hawwe en dit PS-stik ferwurke.
<i>1625 (8-11-2017) Dêr't it kolleezje ynfloed útoefenje kin foar de omjouwing en de gefolgen fan it wynpark, sil it kolleezje dat dwaan.</i>	Yn haadstik 8 fan dit PS-stik wurdt op de Omjouwingsoerienkomst, dêr't de ôfspraken mei de omjouwing yn opnommen binne, yngien.
<i>1626 (8-11-2017) De nota van antwoord mei dêryn de yntsjinne sjenswizen wurdt tastjoerd oan de Steaten.</i>	De Nota fan Antwurd Sjenswizen en Advizen en Steat fan wizigings is by de stikken foege. Dêryn stiet ek in tabel mei gearfettings fan alle yntsjinne sjenswizen en ús antwurden dêrop.

4. Juridysk en beliedsmjittich ramt

4.1. Juridysk ramt

Op grûn fan kêst 9e fan de Elektriciteitswet 1998 en kêst 3.26 Wro hawwe jimme it foech om in ynpassingsplan fêst te stellen foar in wynpark fan 5-100 MW. Foar dit wynpark is op grûn fan kêst 9f fan de Elektriciteitswet 1998 de koördinaasjeregeling fan de Wro fan tapassing.

De gemeente Súdwest-Fryslân hat oanjûn foar it oanbelangjende wynpark gjin bestimmingsplan meitsje te wollen. Jimme hawwe dêrop op 26 oktober 2016 besletten om sels in provinsjaal ynpassingsplan te meitsjen en dêr de provinsjale koördinaasjeregeling foar ta te passen. Jimme hawwe ynstimd mei it beslút fan DS dat boargemaster en wethâlders fan de gemeente Súdwest-Fryslân foechhawwend gesach bliuwe foar it ferlienen fan de omjouwingsfergunnings. Foar dy omjouwingsfergunnings is it PIP in beoardielingsramt en de omjouwingsfergunnings kinne dêrom earst fêststeld wurde, neidat it PIP troch jimme fêststeld is.

Op grûn fan de koördinaasjeregeling hawwe it ûntwerp-PIP en de ûntwerpbesluten (dêrûnder neist de omjouwingsfergunnings ek de Wnb-besikking dy't troch ús ôfjûn is) mienskiplik op besjen lein. Ek de fêststelde stikken sille nei beslútfoarming troch ús wer mei-in-oar op besjen lein wurde.

Op it plan is tagelyk de Crisis- en Herstelwet (Chw) fan tapassing. De wichtichste gefolgen dêrfan binne dat de beropsproseduere by de Afdeling bestuursrechtspraak fan de Raad van State mei faasje behannele wurde en dat dyjingen dy't berop ynstelle yn harren beropskrift daliks harren beropsgrûnen opnimme moatte. It Besluit uitvoering Crisis- en herstelwet jout de ferplichting dat by it beslút melding makke wurde moat fan de tapaslikheid fan de Chw en fan de eask dat beropsgrûnen yn de beropskriften opnommen wurde moatte. Dêrom wurdt jimme frege te besluten om DS op te dragen dêrta oer te gean.

4.2. Relasje gemeentlik bestimmingsplan en beliedsramten

De gemeenteried fan Súdwest-Fryslân hat op 5 oktober 2017 it bestimmingsplan bûtengebied Súdwest-Fryslân fêststeld. It bestimmingsplan stiet de bou fan in wynpark mei dêrby hearrende foarsjennings net ta. It no fêst te stellen ynpassingsplan foarsjocht dêr wol yn. Yn haadstik 7 fan de taljochting fan it ynpassingsplan wurdt fierder yngien op de ferhâlding fan it provinsjale ynpassingsplan ta it gemeentlike bestimmingsplan.

It ynpassingsplan moat rekken hâlde mei in grut tal lanlike en Europeeske wetten en regels en/of beliedsramten. Te neamen falle ûnder oare de Europeeske rjochtlíne 2009/28/EG (dêr't de lanlike ferplichting ta 14% duorsume enerzjy yn 2020 út fuortkomt), it Nacionale Energieakkoord 2013, de Structuurvisies Infrastruktuer & Ruimte, Windenergie op Land, Derde Nota Waddenzee en it Besluit algemene regels ruimtelijke ordening.

Yn haadstik 4 fan it ynpassingsplan wurde al dy beliedsramten behannele. Dêr wurdt ek op ús eigen provinsjale belied yngien. De ferskate PS- en DS-besluten dy't oan dat plan foarôf giene, mar ek it Útfieringsprogramma en it Beliedsbrieff duorsume enerzjy en de Struktuerfisy Grutsk op 'e Romte en de Feroardering Romte wurdt bepraat.

Yn it ynpassingsplan is sekuer mei al dy beliedsramten rekken hâlden en is, as dat nedich wie, in ôfwaging makke tusken de ferskate, somtiden tsjinstelde belangen op de ferskate beliedsmêden.

5. It miljeu-effektrapport (MER) mei oanfolging

Yn ferbân mei foarlizzend ynpassingsplan is in miljeu-effektrapport (MER) opsteld, dat yn in letter stadium nei oanlieding fan in advys fan de Kommisje foar de m.e.r. noch oanfolle is. It giet om in kombinearre plan-MER/beslút-MER opsteld as ûnderbouwing foar it ynpassingsplan en de omjouwingsfergunnings. It MER en de oanfolging fan it MER wurde troch boargemaster en wethâlders ek brûkt as ûnderbouwing foar de troch harren te ferlienen omjouwingsfergunnings.

Notysje Reikwijdte en detailniveau (NRD)

As earste stap yn de proseduere is in Notysje Reikwijdte en detailniveau (NRD) opsteld. Yn de NRD wurdt oanjûn hokker saken der

krekt yn it MER ûndersocht wurde. De konsept-NRD hat fan 16 jannewaris oant 26 febrewaris 2017 op besjen lein en is ek foar advi-searring oan de Commissie voor de m.e.r. foarlein. Wy hawwe jimme dêroer ynformearre troch ús brief d.d. 17 jannewaris 2017, nr. 01379306. Op 11 april 2017 hawwe wy, tagelyk mei it kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Súdwest-Fryslân, de NRD fêst-steld.

De Commissie voor de m.e.r. hat advisearre om yn it MER ûnder oare helder te beskriuwen yn hoefier't de lokaasje Nij Hiddum-Houw better of minder skoart njonken oare lokaasjes. Dêrta is noch in ekstra lokaasjeûndersyk útfierd troch Antea, as ûnderdiel fan it MER. Paragraaf 5.2 fan it ynpassingsplan giet dêr fierder op yn.

Fasearre oanpak MER

It MER is dêrnei yn twa fazen opdield. Yn de earste faze binne trije opstellingsfarianten (18 lytsere mûnen, 11 gruttere of 9 grutte mûnen) rûchwei mei-inoar ferlike oangeande kritearia op it mêd fan û.o. lânskipskwaliteit, leefberens, feilichheid en romtegebrûk. Yn dat stadium blik bygelyks al dat it foldwaan oan radareasken (oangeande de definsjeradar yn Ljouwert) beheinend wurke op de mooglike opstellingsfarianten. Op grûn fan dy rûge beoardieling en it advys fan de Omjouwingsadviesried¹ hjiroer hawwe wy yn ús gearkomste fan 9 maaie 2017 besletten om de fariant mei 9 grutte mûnen as foarkarsalternatyf (VKA) fierder út te wurkjen en te ûndersykjen yn de twadde faze fan it MER. Fan belang is om op te merken dat der by dit VKA noch hieltyd útgien wurdt fan in marzje foar wat de grutte fan de mûnen oangiet: de ashichte moat tusken de 90 en 140 meter lizze en de rotordiameter tusken de 110 en 136 meter. De maksimale tiphichte leit dan op 208 meter.

MER

Yn it MER wurdt foar alle kritearia (ekology, leefberens, lânskip, ensfh.) de saneamde 'worstcase' fariant ûndersocht. Dat betsjut dat bygelyks by it ûndersykjen fan de lûdseffekten sjoen wurdt nei de wynturbine, dy't it measte leven makket, dy't binnen de tastiene ôfmjittings tastien is; foar beoardieling fan slachskaadefekten wurdt sjoen nei de grutste mûne, ensfh. It MER beoerdielet dêrmei per definysje de meast negative fariant fan it park. Út it MER binne úteinlik gjin kwestjes nei foaren kommen dy't de realisaasje fan in wynpark mei de yn it PIP stelde eigenskippen en ôfmjittings ûnmooglik meitsje soene. Wol sille der foar guon kritearia mitigearjende maatregels nommen wurde moatte. Sa soe der in stilsteanoarsjenning opnommen wurde moatte om foar te kommen dat it park tefolle hinderlik slachskaad op wenten feroarsaakje soe, en moatte, ôfhinklik fan it type wynmûne dat úteinlik pleatst wurdt, maatregels troffen wurde om it tastiene trochsneed lûdsnivo net te boppen te gean (sjoch ek paragraaf 6.1). By de ôfwaging fan de kritearia spylje it lanlike Activiteitenbesluit milieubeheer en de Activiteitenregeling milieubeheer in grutte rol.

¹ Op de Omgevingsadviesraad wurdt yn haadstik 8 wiidweidich yngien

Yn dy wetlike regeling binne foar in grut tal miljeu-aspekten fêste noarms foar wynturbinen steld. Sa mei it kwantum slachskaad op in wente net boppe de 6 oeren jiers útkomme, en de trochsneed lûdsbelêsting op in wente net boppe de 47 dB Lden² en 41 dB Lnight. It MER hawwe wy fan 11 novimber 2017 oant en mei 21 desimber 2017 tagelyk mei it ûntwerp-PIP en de ûntwerpbesluten op besjen lein. Lyktidich hawwe wy ek jimme koördinaasjebeslút fan 26 oktober 2016 op besjen lein (op dat beslút koene oars gjin sjenswizen yntsjinne wurde).

Advys Commissie voor de m.e.r.

Wy hawwe it MER foar advys foarlein oan de Commissie foar de m.e.r. De kommisje hat by har beoardieling ek sjoen nei de sjenswizen dy't oangeande it MER yntsjinne binne. De Commissie hat foarearst yn in foarriedich advys oardiele dat it MER noch net alle essinsjele ynformaasje befettet om ta beslútfoarming oergean te kinnen. De Commissie hat oanjûn dat se ynformaasje misse oer de (relative) omfang fan de hinder troch lûd, ek ûnder de noarm fan it Activiteitenbesluit, de wize wêrop't dy hinder fêststeld is en de wize wêrop't it oardiel oer de effekten op de leefberens ta stân kommen is. Dêrneist hat de Commissie noch in tal oanbefellings dien. Yn de taheakke Nota fan Antwurd op Sjenswizen en Advizen (NvA) wurdt fierder op dy advizen yngien.

Nei oanlieding fan dat foarriedige advys is der in oanfolling op it MER d.d. 7 febrewaris 2018 makke, dêr't benammen helder yn omskreaun is, hoe't ta de beoardieling sa't dy yn it MER stiet, kommen wurde koe. Dêrop hat de Commissie op 6 maart 2018 in posityf hifkingsadvys ôfjûn. Sy hat oardiele dat provinsje en gemeente mei it MER en de oanfolling oer alle ynformaasje beskikke dy't essinsjeel is foar it folweardich meiwagen fan de miljeu-effekten by de besluten oer wynpark Nij Hiddum-Houw.

6. It Provinsjaal Ynpassingsplan (PIP)

It PIP befettet mei de planferbylding en de planregels alle foarskriften dy't by de ûntwikkeling fan it park yn acht nommen wurde moatte, lykas oantal, lokaasjes, omfang, lûds- en slachskadeasken ensfh.

6.1. Op besjen lizzen ûntwerp PIP, Nota fan Antwurd op Sjenswizen en Advizen en Steat fan Wizigings

Wy hawwe op 30 maaie 2017 besletten oer it foarûntwerp fan it ynpassingsplan, dêr't ûnder oare ek de lokaasje fan dy 9 mûnen yn opnommen is. Dat foarûntwerp hawwe wy dêrnei foar advys oan de wetlike foaroerlispartners (dat binne benammen oare oerheden) tastjoerd. Dat hawwe wy jimme yn ús brief fan 4 july 2017 (nr. 01431985) meidiield. In gearfetting fan de foaroerlisreaksjes en ús

² Lden stiet foar: level day, evening, night en is in Europeeske foarskreaune noarm foar trochsneed lûdsbelêsting

reaksje dêrop steane beskreaun yn de taheakke Antwurdnota foaroerlisreaksjes ynpassingsplan Wypark Nij Hiddum-Houw.

Foarôfgeand oan fêststelling hawwe wy in konsept fan it ûntwerp-PIP (de san. 95%-fersy) foar advys oan de Omjouwingsried foarlein. Itselde is trouwens ek bard oangeande in 95%-MER. De advizen fan de OAR dêroer en ús reaksje dêrop steane beskreaun yn de taheakke Nota fan Antwurd Sjenswizen en Advizen en Steat fan Wizingings.

Dêrnei hat it ûntwerp-PIP mei de byhearrende stikken, dêrûnder it MER, fan 10 novimber 2017 ôf seis wike op besjen lein.

Foarôfgeand oan it op besjen lizzen hat de stichting Hou Friesland Mooi fia in koart pleit besocht de publikaasje tsjin te hâlden. De foarsjenningrjochter fan de rjochtbank Noard-Nederlân hat lykwols yn syn fûnis fan 9 novimber 2017 de foardering fan de stichting ôfwiisd, wat wy jimme mei ús brief fan 14 novimber 2017 (nr. 01464745) meidiel hawwe.

Mei-inoar binne der 238 sjenswizen ynkommen, 111 dêrfan binne unyk. Yn de taheakke Nota fan Antwurd op Sjenswizen en Advizen en Steat fan Wizingings (koartsein NvA) wurde alle sjenswizen behannele. Om koart te gean wurdt dêrnei ferwiisd. Jimme wurdt frege om mei dy nota yn te stimmen. Ek boargemaster en wethâlders fan Súdwest-Fryslân moatte mei dy NvA, foar safier't dy de omjouwingsfergunnings oanbelanget, ynstimme.

Ûnder oare de sjenswizen hawwe laat ta in tal oanpassings yn it PIP likegoed as yn de Wnb-beskikking en de omjouwingsfergunnings. Dy wurde allegearre neamd yn de Steat fan Wizingings yn de NvA, mar de wichtichste wizingings yn de regels fan it PIP wolle wy hjir ek neame.

Opnimmen ôfspraken út de anterieure oerienkomst

Sa't jimme bekend is, hawwe wy in anterieure oerienkomst mei de inisjatyfnimmers sletten, wêryn't neist ôfspraken oer bygelyks kosteferhaal en planskea ek in tal ôfspraken tusken de Omjouwingsadvysried en de inisjatyfnimmers fêstlein wurde. De wichtichste binne in fermindering mei de helte fan it boarnelûd fan de wynmûnen, útgeande fan wat yn it MER opnommen is, oant in maksimum fan 109,9 dB LE den, en it hielendal útsluten fan slachskaadhinder op de omlizzende wenten.

Wy wolle der de klam op lizze dat ek sûnder dy maatregels it wypark foldwaan kin oan de noarms fan it Activiteitenbesluit milieubeheer en de Activiteitenregeling milieubeheer en dat der dêrmei nei ús betinken sprake is fan in romtlik akseptabel plan. Dat oansluten by dy noarms romtlik akseptabel is, is troch de Afdeling bestuursrechtspraak fan de Raad van State yn in soad útspraken oer wynparken befêstige. Lykwols hawwe wy miend om as gebeart nei de omwenners dy easken ek op te nimmen yn it PIP. Dêrmei komme wy yn dat stik fan saken ek yn 'e mjitte oan ûnder oare de

sjenswizen fan de gemeente Súdwest-Fryslân en de stichting Hou Friesland Mooi.

Begrinzging fan it totaal opstelde fermogen

Yn de Startnotysje fan oktober 2016 hawwe jimme oan ús opdroegen om derfoar te soargjen dat it totale ta te foegjen fermogen oan de lokaasje Nij Hiddum-Houw de 36 MW sa ticht mooglik benei komt. Yn de útwurking fan dy rânebetingst binne wy derfan útgien dat neist de 10 te sanearjen wynmûnen fan it besteande park Hiddum-Houw ek op syn minst in part fan de seis dêr om hinne lizzende solitêre wynmûnen sanearre wurde soene. Wy hawwe dêrom hieltyd stribbe nei in nij wynpark fan sa. 42 MW, en hawwe dat tal ûnder oare ek as in ynspanningsferplichting foar de inisjatyfnimmers yn de anterieure oerienkomst opnommen.

It eksakte opstelde fermogen is fansels lykwols ôfhinklik fan de fermogens fan de beskikbere turbinen, en sil nea krekt oan dy 42 MW foldwaan kinne. It yn it MER ûndersochte foarkarsalternatyf (VKA) hâldt lykwols, op grûn fan de no op de merk beskikbere turbinen, in fermogensmarzje fan 20,7 oant 68,4 MW yn.

As gefolch fan it fêstlizzen fan de tasizing fan de inisjatyfnimmers om de lûdsbelêsting mei sawat de helte te ferminderjen (fan 112,9 Lden nei 109,9 Lden) wurdt dat oan de boppekant al beheind ta op syn meast 45 MW (grutter turbinen foldogge net oan dy ekstra lûdseask). Om dochs ynfolging oan jimme boppeneamde opdracht te jaan en ek in te realisearjen wynpark mooglik te meitsjen, rekken hâldend mei alle easken op it mêd fan lânskip, leefberens en hoe't it der útsjocht, moat der in reële bânbreedte oan opsteld fermogen wêze. Wy hawwe dêrom yn it PIP as planregel opnommen dat it totale generatorfermogen fan it wynpark tusken de 37 MW en 45 MW lizze moat. Dêrmei kin it wynpark noch altyd genôch oan de provinsjale taakstelling bydrage.

6.2 Oare rânebetingsten oangeande it plan

Op 17 desimber 2017 hawwe jimme besletten út te gean fan de easken foar ûntwikkeling en útfiering fan in wynturbineprojekt op lân foar wat oerlis, draachflak, kompensaasje, partisipaasje, tydlikheid en sanearring oanbelanget, sa't dy yn haadstik 9 fan de Advysnotysje steane.

Yn de Startnotysje likegoed as yn de earder neamde moasjes binne dêrneist noch inkelde rânebetingsten of winsken ferwurde, dy't wy hjir ek behannelje sille.

Kommunikaasje mei de omkriten

Jimme hawwe ús opdroegen om de kommunikaasje mei de omkriten sa goed mooglik foarm te jaan. Kommunikaasjemeiwurkers fan de provinsje, gemeente en de inisjatyfnimmers hawwe yn de tarieding fan it wynpark yngeand gearwurke om sekuer, op 'e tiid en helder en dúdlik mei de omkriten te kommunisearjen. Omwenners binne en wurde troch in nijsbrief, dêr't elk him foar oanmelde kin, ynformearre. Dêrneist ferrint de ynformaasje foarsjenning fia trochrinnende publikaasjes op de provinsjale webside. Der hawwe ek foarljochtingsgearkomsten/ynrinmerken west op 26 jannewaris

2017 (Wûns), 11 juny 2017 (Wytmarsum) en 23 novimber 2017 (Wytmarsum), dy't foarôf yn regionale en lokale media oankundige binne.

Dêrneist is de provinsje as taharker oanwêzich by de gearkomsten fan de Omjouwingsadvysried, sadat ek dêr in streekrjochte kommunikaasje mei ûnderhâlden wurdt.

Planskea

Oangeande mooglike planskea wurdt noch troch de OAR oerlein oer in saneamde frijwillige oerienkomst. Dêrneist hawwe wy yn de anterieure oerienkomst ôfspraken mei de inisjatyfnimmers makke oer it ferrekkenjen fan mooglike planskea. Wy binne fan doel om mooglike planskeaproedures sa effektyf mooglik ôf te hanneljen, ûnder oare troch mooglike claims daliks by de provinsje yntsjinje te litten en net, sa't formeel foarskreaun wurdt, by de gemeente (dy't se dêrnei dochts nei de provinsje trochstjoere moat).

Op grûn fan 6.12, earste lid fan de Wet ruimtelijke ordening (Wro) moat der by it fêststellen fan in bestimmingsplan of, yn dit gefal, in ynpassingsplan, ek in eksploitaasjeplan fêststeld wurde, of it moat wêze dat foarôfgeand oan it fêststellen fan dat plan in anterieure oerienkomst tekene is, dêr't it kosteferhaal mei fersekere is. Omdat it lêste hjir it gefal is stelle wy jimme foar te besluten dat der gjin eksploitaasjeplan fêststeld wurdt.

Maatskiplik ferantwurde ûndernimme (MVO)

Jimme hawwe as rânebetingst meijûn dat it hiele projekt op in maatskiplik ferantwurde wize ûntwikkele wurde moat en ús opdroegen dêr sa goed mooglik op ta te sjen. MVO betsjut ûnder oare sa goed mooglik rekken hâlde mei de minsken en de omkriten dêr't de ûndernimming yn wurket, yn dit gefal de Kop Ôfslútdyk. Wy tinke dat dat genôch stal krigen hat yn de wize wêrop't de inisjatyfnimmers, wêr't dat mooglik wie, yn 'e mjitte kommen binne oan de winsken fan de omwenners. Dat wurdt fierder yn haadstik 8 taljochte.

Dêrneist betsjut MVO ek tasjen op leveransiers, goede wurkomsannichheden en sa. Wy hawwe fan de inisjatyfnimmers in ferklearring omtrint ferantwurde stringbehear en duorsume ynkeap krigen, dy't dêr op tasjocht. Op grûn fan dy ferklearring miene wy dat ek foar dat aspekt fan MVO troch de inisjatyfnimmers op de goed wize oandacht bestege wurdt.

Tydlikheid

Oangeande de eask fan de tydlikheid waard yn de earder neamde Advysnotysje steld dat wynmûnen nei 27,5 jier wer ôfbrutsen wurde moatte soene. It it juridysk net mooglik om sa'n bepaling yn it PIP op te nimmen. Dêrom binne wy yn de earder neamde anterieure oerienkomst mei de inisjatyfnimmers oerienkommen dat de wynmûnen yn prinsipe nei 27,5 jier wer ôfbrutsen wurde sille.

7. De Wnb-besikking en omjouwingsfergunning

Wy hawwe it oer it wynpark Nij Hiddum-Houw. Mar it wynpark wurdt wat eigendom oanbelanget opdield tusken de fennoatskippen: Nuon Wind Developments BV (dy't eigener fan 4 fan de 9 mûnen wurdt) en de lokale fennoatskip Gooyum Houw BV (dy't eigener fan de oare 5 mûnen wurdt). Foar de fergunnings dy't nedich binne is dêrom formeel sprake fan 2 aparte 'ynrjochtings'.

7.a Besikking op grûn fan de Wet natuurbescherming

It projekt bestiet út de oprjochting en eksploitaasje fan wynpark Nij Hiddum-Houw en it ferwiderjen fan 16 wynturbinen yn it plangebied en de heine omkriten. Omdat it projekt nei alle gedachten effekten op de natuer ta gefolch hat, moat dêrfoar in passende beoardieling opsteld wurde en is in fergunning likegoed as in ûntheffing op grûn fan de Wet natuurbescherming fereaske. De passende beoardieling is as taheakke by de fêst te stellen stikken foege en ek as taheakke by de ûntwerp-Wnb-besikking. Út dy passende beoardieling is mei wissens fêst kommen te stean dat it projekt gjin signifikant negative effekten hat op de Natura2000 gebieten, dêrûnder de Iselmar en de Waadsee. Ek binne foar de ûntheffingferliening de effekten fan it wynpark op de relevante beskerme bistersoarten (twa flearmûzesoarten en fûgels) beoardiele. Dy beoardieling is yn it aktiviteiteplan dat by de Wnb-besikking heart opnommen. Dêrút en út de motivearring fan it beslút docht bliken dat oan de kritearia foar ûntheffingferliening foldien wurdt. Op grûn fan boppesteande hawwe wy op 24 april 2018 besletten de oanfrege ûntheffing en fergunning op grûn fan de Wet natuurbescherming te ferlienen.

Ûnder de provinsjale koördinaasjeregeling sille fierder it PIP, de Wnb-besikking en de omjouwingsfergunnings (neidat dy troch boargemaster en wethâlders fan de gemeente Súdwest-Fryslân ferliend binne) en alle byhearrende stikken tagelyk op besjen lein wurde as bekendmakking fan dy besluten en om (yn prinsipe al linne) dyjingen dy't op 'e tiid sjenswizen yntsjinne hawwe tsjin de ûntwerpbesluten yn de gelegenheid te stellen om in beropsproseduere by de Afdeling bestuursrechtspraak fan de Raad van State te begjinnen.

7.b Omjouwingsfergunning en Paswurkfoarskriften

Boargemaster en wethâlders fan de gemeente Súdwest-Fryslân sille mei achtslaan fan it PIP sa gau mooglik de omjouwingsfergunnings oan beide inisjatyfnimmers ferliene. Omdat no noch net bekend is hokker type turbine úteinlik pleatst wurde sil (Nuon moat as steatsbedriuw dêr in iepenbiere oanbestegingsproseduere foar fiere), wurde de fergunnings ferliend foar (mei-inoar) 9 turbinen mei in fermogen (it stik) fan 3,5 MW – 5 MW en wêrby't foarsjoen wurdt yn totaal opsteld fermogen fan 37 MW-45MW. Yn in letter stadium sille noch fierdere saneamde paswurkfoarskriften fêststeld wurde, taspitst op it type wynmûne dat pleatst wurdt. Mei dy paswurkfoarskriften sil bygelyks foarskreaun wurde dat der gjin

slachskaad op (rekreaasje-)wenten komme mei. Ek wurde dêrmei easken oangeande de tastiene lûdsbelêsting foarskreaun.

8. Omjouwingsoerienkomst

Yn ferskate moasjes en yn 'e startnotysje hawwe jimme ús opdroegen om derop ta te sjen dat by de ûntwikkeling fan it PIP sa folle mooglik rekken hâlden wurdt mei de belangen fan de omwenners fan it wynpark, wat libbenswille oanbelanget likegoed as finansjeel. Wy hawwe dêrom fan de inisjatyfnimmers easke om al it mooglike te dwaan om de omwenners yn harren winsken, finansjeel likegoed as ynhâldlik, yn 'e mjitte te kommen. Dêrneist hat de Omjouwingsadvysrie sels mei de inisjatyfnimmers ûnderhannele oer saken as buorljuregeling, omjouwingsfûns en omjouwingspartisipaasje. Dy ûnderhannelingen hawwe harren beslach krigen yn in konsept foar in Omjouwingsoerienkomst. By dy Omjouwingsoerienkomst is der rekken mei hâlden dat de seis omlizzende solitêre mûnen sanearre wurde. De eigeners krije yn ruil dêrfoar in dielnimming yn de lokale fennoatskip Gooym-Houw oanbean.

It konsept foar de omjouwingsoerienkomst is op 19 maart II. troch de OAR foarlein oan de bestjoeren fan de ferieningen foar Doarpsbelang fan omlizzende doarpen en dêr posityf ûntfongen. Dêrnei hat de OAR dy konseptoerienkomst yn trije sesjes op 26 maart, 27 maart en 4 april foarlein oan de omwenners en ynwenners fan de omlizzende doarpen sels. Ek hat de OAR op 28 maart in presintaasje foar de gemeenteried fan Súdwest-Fryslân hâlden.

De Omjouwingsoerienkomst is op dit stuit noch net alhiel klear en tekene, mar alle wichtige haadlinen binne wol bekend. De reaksjes yn boppeneamde gearkomsten wiene sa dat wy der fan út gean meie dat der gjin echt ynhâldlike wizigings mear komme sille. De Omjouwingsoerienkomst sil ûndertekene wurde troch oan 'e iene kant de inisjatyfnimmers en oan 'e oare kant de foarsitter fan de OAR en de direkteur fan de Nederlandse Vereniging van Omwonenden van Windmolens (NLVOW). Om dêrneist de ôfspraken ek juridysk sa goed mooglik fêst te lizzen, sille wy de Omjouwingsoerienkomst dêrnei ek as in Addendum tafoegje oan ús privaatrjochtlike anterieure oerienkomst mei de inisjatyfnimmers. Dat is, lykas sein is, yn 'e tiid fan it ferstjoeren fan dit PS-stik noch net bard, mar OAR en inisjatyfnimmers hawwe ús tasein dat se de Omjouwingsoerienkomst ûndertekenje wolle foarôfgeand oan jimme behanneling fan dit útstel op 27 juny e.k. Wy sille jimme dêr dan by brief fan op 'e hichte stelle. De folsleine regeling sil meidertiid ek op ús webside publisearre wurde.

De Omjouwingsoerienkomst falt útinoar yn oan 'e iene kant ôfspraken oer de ynrjochting fan it park en it ûntwikkelingsproses en oan 'e oare kant ôfspraken oer kompensasje en omjouwingspartisipaasje. Beide sille wy hjirûnder apart behannelje.

8.1. Ôfspraken oer ynrjochting en proses

De ôfspraken oangeande de ynrjochting fan it park binne foar in grut part al bekend. Se wiene foar in part al opnommen yn ús anterieure oerienkomst. Inkelde ôfspraken sloegen op maatregels dy't romtlik relevant binne en yn it PIP regele wurde kinne (lykas it sa-nearjen fan besteande wynturbinen of it fêstlizzen dat de wynturbinen der itselde útsjen sille). Inkelde ôfspraken hiene te krijen mei it treffen fan ekstra maatregels op it mêd fan lûd en slachskaad. It giet dan om bûtenwetlike maatregels dy't net needsaaklik binne foar it romtlik oanfurdigjen fan it PIP. Lykwols hawwe wy dy as in gebeart nei de omwenners ta yn de planregels fan it PIP fêstlein. Oare prosesôfspraken, dy't yn alle gefallen net yn in PIP fêstlein wurde kinne, wurde yn de privaatrjochtlike anterieure oerienkomst fêstlein.

De ôfspraken dy't streekrjocht yn it PIP ferankere wurde, binne ûnder oare:

- Sanearring fan omlizzende mûnen: stilstân binnen 18 moannen nei it pleatsen fan de earste wynturbine fan it nije wynpark;
- Maksimaal 109,9 dB LE den boarnelûdsproduksje de wynturbine en in beheining fan de kumulaasje fan it lûd fan it wynpark, it Wynpark A7 en twa solitêre wynturbinen oant 47 dB Lden en 41 dB Lnight;
- Gjin (hinder jaand) slachskaad foar omwenners op harren wente (foar safier't gjin wente yn de sfear fan de ynrjochting);
- Gjin (hinder jaand) slachskaad op rekreaasjewenten;
- OAR / inisjatyfnimmers / foechhawwend gesach hawwe in ynspanningsferplichting om in pilotûndersyk út te fieren nei de mooglike ynfloed fan it wynpark op de sûnens fan de omwenners (yn PIP opnommen as ramt foar ferplichte MER-evaluaasje en monitoaring);
- Alle wynturbinen sille der itselde út sjen;
- Ferljochting ôfskermje troch lamellen (of skûtels) en dimje fan ferljochting by helder waar.

Neist boppesteande punten wurde der yn de Omjouwingsoerienkomst ek ôfspraken makke oer in projekt yn gearwurking mei de hegeskoallen oangeande it yn oerlis mei de omkriten ynregeljen fan de lûdsreduksjemodus, it dwaan fan in 0-mjitting foar wat mooglike skea troch bouferkear oanbelanget, en it ynrjochtsjen fan ien loket foar mooglike klachten.

8.2. Ôfspraken oer kompensaasje en omjouwingspartisaasje

Planskea

De OAR en inisjatyfnimmers meitsje mei-inoar noch ôfspraken oer in mooglike manier om planskea fan te foaren te regeljen. As sa'n regeling der komt, dan docht dat nea ôf oan it feit dat omwenners noch hieltyd de wetlik foarskreaune mooglikheden foar it yntsjinjen

fan planskeaclaims hâlde. Dy planskeaclaims moatte by de provinsje yntsjinne wurde en sille, as se tawiisd wurde, troch ús op de inisjatyfnimmers ferhelle wurde. Planskeaclaims kinne trouwens earst yntsjinne wurde wannear't it plan fêst stiet, dus nei behanneling fan beroppen troch de Afdeling bestuursrechtspraak fan de Raad van State.

Omjouwingsfergoedings

Ôfspraken oangeande in omjouwingsfergoeding en finansjele partisipaasje binne net romtlik relevant en kinne dêrom net yn it PIP fêstlein wurde.

Mei de inisjatyfnimmers is oerienkommen dat alle jierren in bedrach fan € 0,40 de opwekke MWh beskikber steld wurde sil foar fergoeding oan de omkriten. Ôfhinklik fan it type turbine dat úteinlik pleatst wurde sil en fansels it jierlikse wynoanbod giet it dêrby om in budzjet fan sawat € 55.000,- oant € 70.000,- jiers. Dêrút sille twa ûnderskate regelings finansiere wurde:

a) in yndividuele fergoeding (buorljuregeling) in lytse 70% fan it jierliks beskikbere budzjet sil útkeard wurde as in yndividuele fergoeding foar de direkte omwenners op in ôfstân oant maksimaal 850 m. fan it wynpark. Dy regeling jildt ek foar alle wenten yn en om Koarnwert, omdat dat doarp binnen dy ôfstângrins leit. De hichte fan de útkearing is ôfhinklik fan de feitlike ôfstân ta de mûne dy't it tichtste by leit. In rûge yndikaasje: tusken de € 125,- en € 3.500,- jiers foar salang't it park der stiet.

b) in doarperegeling

Sawat 30% fan it beskikbere budzjet sil útkeard wurde oan de doarpen tusken de 850 en 1500 m. fan it wynpark: Surch en Wûns, dy't dêrnei sels útmeitsje kinne hoe't dy bedragen brûkt wurde sille. De ferdieling bart ek dêr op grûn fan ôfstân en ek nei it tal ynwenners. Yndikatyf: Surch sa. € 5.000,- en Wûns sa. € 14.000,- jiers.

Omjouwingspartisipaasje:

Neist de fergoedingsregeling wurdt troch de inisjatyfnimmers ek de mooglikheid bean om finansjeel (risikodragend) yn it park diel te nimmen. Neffens jimme rânebetingst yn de startnotysje bart dat (by foarkar fia in spesifyk foar dat doel op te rjochtsjen koöperaasje) foar op syn meast 25% fan de totale ynvestearring. De eigner fan de seis omlizzende solitêre turbinen krije yn ruil foar sanearring partisipaasjeromte yn it part fan de lokale fennoatskip Gooyum Houw BV oanbean. Ôfhinklik fan de úteinlike omfang fan it park sil dat sawat 11% fan it totale ynvestearingsbudzjet beslaan. De beskikbere partisipaasjeromte foar de omwenners wurdt dêrom foar in grut part út de ynvestearingsromte fan Nuon wei oanbean: in fjirde part fan it Nuon diel. As der nei sanearring fan de seis omlizzende mûnen ek noch wat partisipaasjeromte yn it park Gooyum Houw oerbliuwt, dan wurdt dy ek oan de koöperaasje oanbean. Sa is garandearre dat de folsleine 25%-partisipaasjeromte foar de omkriten beskikber is. Ôfhinklik fan de úteinlike omfang fan

it park sil de totale beskikbere ynvestearringsromte foar de omkriten tusken de sa. € 5 miljoen en € 8 miljoen lizze.

By it ferpartsjen fan de partisipaasjeromte wurdt yn de Omjouwingsoerienkomst útgien fan útjefte yn trânsjes fan € 500,-, dat ek in lytsere beurs meidwaan kin.

De omjouwingpartisipaasje is primêr foar bewenners oant 4500 m. fan it wynpark bedoeld. Bliuwt der partisipaasjeromte oer, dan wurdt dy ek dêrbûten oanbean, wêrby't boargers dy't tichter by it wynpark wenje foarrang krije boppe dyjingen dy't fierder fuort wenje. It is de bedoeling dat ek binnen de 4500 m de beskikbere partisipaasjeromte yn trije sirkels ferparte wurdt:

- 50% foar omwenners tusken 0-1500 m. fan it wynpark
- 30% foar omwenners tusken 1500 en 3000 m;
- 20% foar omwenners tusken 3000 en 4500 m.

Gebietsfûns

Net elk hat de mooglikheid om jild oan kant te lizzen om te partisipearjen. Dêrom is it de bedoeling dat in lyts part fan boppeneamde partisipaasjeregeling apart hâlden wurdt foar in gebietsfûns. Út dat gebietsfûns kinne dan bygelyks projekten en inisjativen mei algemien maatskiplik nut of foar it befoarderjen fan duorsumens finansiere wurd. Dat gebietsfûns soe yn in gebiet fan sa'n 6 km om it park hinne wurkje moatte. Dat idee moat noch fierder útwurke wurde.

8.c Útwurking

Foar alle dúdlikens wize wy der mei klam op dat boppesteande noch mar in globale omskriuwing fan alle ôfspraken en regelings is. Lykas sein, wurdt dat no allegearre fierder útwurke ta in troch inisjatyfnimmers en OAR/NLVOW te ûndertekenjen Omjouwingsoerienkomst.

Dêrnei sil de Omjouwingsoerienkomst foar wat de finansjele regelings oanbelanget en ek de partisipaasjeregeling fierder útwurke wurde moatte en juridysk slutend makke wurde moatte. De noch op te rjochtsjen koöperaasje sil dêryn ek in wichtige rol spylje moatte. Omdat it nei alle gedachten noch wol in skoft duorje sil foardat it park fêst stiet, en der werklik boud wurde sil, is dêr ek noch wol genôch tiid foar.

Wy ferwachtsje net dat dy Omjouwingsoerienkomst alle wjerstântsjin it wynpark teneate docht. Wy binne lykwols wol fan betinken dat der mei dizze Omjouwingsoerienkomst en de útwurking dêrfan yn ûnder oare it PIP en de omjouwingfergunnings sa goed mooglik yn 'e mjitte kommen is oan de winsken fan de omwenners. En dat mei de neamde finansjele regelings ek feitliken net allinne de lêsten, mar ek de lusten goed ûnder de omwenners ferdield wurde.

- Kontekst** : Mei it Ryk binne ôfspraken makke oer it ta stân bringen fan 530,5 MW oan wynenerzjy yn 2020. Yn jimme beslút fan 17 desimber 2014 hawwe jimme oanjûn by de Kop fan de Ôfslútdyk sa. 36 MW tafoegje te wolle om oan in part fan de ôfprate taakstelling foldwaan te kinnen. Op 26 oktober 2016 hawwe jimme dêrnei besletten om dêrfoar in provinsjale koördinaasjeproseduere op gong te bringen en troch in Startnotysje in tal rânebetingsten foar it op te stellen ynpassingsplan mei te jaan.
- Probleemstelling** : Foar it heljen fan de taakstelling is it needsaaklik dat der by Hiddum-Houw 36 MW oan it besteande fermogen tafoege wurdt.
- Probleemanalyze** : De gemeente wol dat planologysk net mooglik meitsje. De pro-vinsje moat dêrom in Provinsjaal Ynpassingsplan fêststelle. Pro-vinsjale Steaten hawwe politike en maatskiplike rânebetingsten oan de ûntwikkeling fan it PIP meijûn. It meitsjen fan in PIP is foar in part oan wetlike foarskriften bûn, lykas it opstellen fan in mil-jeu-effektrapport en dêroan foarôfgeand in Nota Detailniveau en Reikwijdte. Dêrneist binne der troch PS rânebetingsten fan mear polityk-maatskiplike aard meijûn.
- Doelstelling / beëage effekten:** : It heljen fan de provinsjale taakstelling op in wize dy't rjocht docht oan de troch PS stelde rânebetingsten, wetlike easken en winsken út 'e omkriten, benammen op it mêd fan omjouwings-partisipaasje en -kompensaasje en ek leefberens en mooglikheden om it te realisearjen.
- Risiko's** : De ûntwikkeling fan in wynpark is in polityk en maatskiplik gefoeli-ge kwestje. It wynpark Nij Hiddum-Houw is needsaaklik foar it heljen fan de provinsjale taakstelling. De risiko's binne dat de taakstelling net helle wurdt. Fan de kant fan de omwenners wurdt mei klam op ûnderstelde sûnensrisiko's wiisd. Wy sjogge gjin oanlieding om sokke risiko's te ûnderstellen, ek mei it each op lanlike rapporten en fêste oar-dielen fan de Afdeling bestuursrechtspraak fan de Raad van State. Dochs is as ûnderdiel fan it (MER-)evaluaasjeprogramma in yn-spanningsferplichting opnommen om te besjen oft it mooglik is om dêroer in pilotûndersyk op te setten.
- | | |
|---|--|
| Probleemoplossing | : Ynpassingsplan fêststelle |
| Foarkaroplossing/
Yntegrale ôfwaging | : In yntegrale ôfwaging hat al yn jimme gearkomste fan 14 desimber 2014 west. De foarkaroplossing is dêrom it foarlizzende yn-passingsplan fêststelle. |
- Útfiering** : DS leit nei jimme fêststelling en fergunningferliening troch boargemaster en wethâlders fan de gemeente Súdwest-Fryslân alle besluten mei byhearrende stikken mei-inoar op besjen, wêrop't berop by de Afdeling bestuursrechtspraak fan de Raad van State mooglik is.

Nei it fan krêft wurden fan it plan, de Wnb-beskikking en de omjouwingsfergunnings bliuwe DS en boargemaster en wethâlders elk ferantwurdlik foar hanthavening fan de troch harren nommen besluten.

Monitoaring/evaluaasje : In MER-evaluaasje en in ferplichte monitoaring meitsje diel fan it projekt út.

Stjoering :

Ferfolchproseduere : Meidieling en op besjen lizzen definitive besluten mei byhearren-de stikken.

Oare punten :

Ljouwert,
Deputearre Steaten fan Fryslân,

A.A.M. Brok , foarsitter

G. W. Huisman , sekretaris

UTSTEL

Underwerp : **Fêststelling provinsjaal ynpassingsplan Wynpark Nij Hiddum-Houw**

Provinsjale Steaten fan Fryslân

Nei it lêzen fan it útstel fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 24 april 2018 , nr. 01512999, oangeande "Vaststelling Inpassingsplan windpark Nij Hiddum-Houw".

Mei it each op

Kêsten 3.26 en 3.33 fan de Wet ruimtelijke ordening en

Kêsten 9e en 9f fan de Elektriciteitswet 1998

Oerwagende dat :

- Provinsjale Steaten op 17 desimber 2014 ynstimd hawwe mei de provinsjale taakstelling fan 530,5 MW opsteld fermogen oan wynmûnen yn Fryslân yn 2020 en dêrby it projekt Kop Ôfslútdyk/ Hiddum Houw oanwiisd hawwe as lokaasje dêr't 36 MW realisearre wurde moat;
- Provinsjale Steaten op 29 juny 2016 besletten hawwe yn te stimmen mei it opstellen fan in Provinsjaal Ynpassingsplan foar in inisjatyf foar it wynpark Nij Hiddum-Houw;
- Provinsjale Steaten op 26 oktober 2016 ynstimd hawwe mei de Startnotysje Wynpark Nij Hiddum-Houw en besletten hawwe de tarieding en bekendmakking fan it ynpassingsplan, lykas bedoeld yn kêst 9e fan de Elektriciteitswet 1998, foar de ûntwikkeling fan Nij Hiddum-Houw te koördinearjen troch de foar de ferwêzentliking fan it wynpark needsaaklike besluten ta te rieden en bekend te meitsjen;
- Provinsjale Steaten op 26 oktober 2016 ynstimd hawwe mei it beslút dat boargemaster en wethâlders fan de gemeente Súdwest-Fryslân foechhawwend gesach bliuwe foar it ferlienen fan de omjouwingsfergunnings en dat boargemaster en wethâlders fan doel binne om de omjouwingsfergunnings te ferlienen.

Beslute :

1. Yn te stimmen mei de Nota fan Antwurd Sjenswizen en Advizen en Steat fan wizigings Wynpark Nij Hiddum-Houw;
2. Op grûn fan kêst 6.12, twadde lid Wro gjin eksploitaasjeplan fêst te stellen;
3. It Provinsjaal Ynpassingsplan Wynpark Nij Hiddum-Houw ynklusyf alle taheakken, dêrûnder it Miljeueffektrapport Nij HiddumHouw (mei oanfolling), fêst te stellen;
4. DS op te dragen by de meidieling fan de besluten te fermelden dat op de besluten ôfdieling 2 fan haadstik 1 fan de Crisis- en herstelwet fan tapassing is, en ek dat de beropsgrûnen yn it beropsskrift opnommen wurde moatte, it berop net-ûntfanklik ferklearre wurdt, as binnen de beropstermyn gjin grûnen yntsjinne binne, en dy nei ôfrin fan de beropstermyn net mear oanfolle wurde kinne.

Sa feststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan,

A.A.M. Brok , foarsitter

G.W. Huisman , griffier